

Toespraak overlijden Bram van der Werf, 22 september 2010

Beste Baukje en dochter Cornelia, achte oanwezigen,

We betinke hjoed Bram van der Werf. Hij is begjin July ferstoarn. Oant twatuzen trije (2003) hat hy tolve jier steatelid west. Earst foar it GPV, dernei foar de KristenUny. Van der Werf wie de man fan de foarútgong. In magneetsweefbaan, bettere diken, wynmûnen, dêr moasten wy mei oan 'e gong. Hy fûn wynmûnen net allinnich moai, se wiene ek needsaaklik. „God hat de ierde net skepen om ús dermei omgrieme te litten”, sei er. Skjinne enerzjy wie nedich.

Van der Werf kaam mei it plan foar yn grut wynmûne-eilân by de Ôfslútdyk. As alternatyf foar de opstelling fan wynmûnen lâns de dyk wer't it regear neat yn seach. Krek ferline wike wie de Ryksadviseur foar Lânskip Yttje Feddes yn Jorwert om te pleitsjen foar in grut kluster wynmûnen by de dyk. It klonk as in fariant op it plan fan Van der Werf. Feddes sljochte it rykstaboe op wynmûnen by it Waad, in sinjaal wêr wy as provinsje al sa lang op wachtsje.

It wie typysk Van der Werf om fierder te tinken en mei nije plannen te kommen. Dêr wie hy altiten mei dwaande. By de fúzje van enerzjybedriuwen PEB en het Gelderse PGEM ta Nuon, kaam hy al mei de fraach oft enerzjy wol in oerheidstaak is. Hy hat noch meimakke kind hoe wy in part van de oandienen ferkocht ha.

Oan Van der Werf ha wy te tanken dat der by Skiermuntseach in grinskorreksje kaam. Fryslân waard wat grutter, wy krigen der in stikje Grinslân by. Hokker steatelid soe sa'n wapenfeit net op syn conto ha wolle?

Op ien punt binne wy noch net sa fier as Van der Werf: it Fryske Folksliet. Foar guon minsken binnen de hege toanen te dreech, skriuw hy in fiifennjoggentich (95) yn in ynstjoerd stik yn de krante. Op de tekst koenen wy net mear grutsk wêze. Yn de multikulturele mienskip is it ophemeljen fan Frysk bloed in te nasjonalistysk statement. Ek is it net fatsoenlik om je sels it beste lân fan d'ierde te neamen.

Úteinlik is der buten dit hûs noch in wedstriid wêst om in nij folksliet te skriuwen. Mar, sa as jo wierskynlik wol witte, in útstel derfoar hat noch net hjir yn 'e steaten foarlein. Sa fier sil it dizze kolleezjeperioade ek net mear komme.

It doel fan Van der Werf wie benammen om te kommen ta goede beslúten foar de Fryske mienskip. Dêr joech hy him hielendal foar. Op syn eigen wize. Fan de ynfiering fan de ferfangingsregeling foar steateleden moest Van der Werf neat ha. „Want dan moat ik neist alle wurk myn twadde man ek noch gedurich op 'e hichte hâlde.” It tekene syn iver.

By de diskusje oer de fiering fan Fryslân Fiifhundert fûn hy dat dêr al te folle oer sein wie. Syn sprektiid brûkte Van der Werf om allinnich twa boerden op te stekken. Ien mei in fraachteken, it oare mei 'ja'. „Klare taal zonder woorden. Hopelijk krijgt die meer vertolkers”, oardielde de krante!

In warber, kreatyf en belútsen folkfertsjinwurdicher, sa sille we Van der Werf ûnthâlde. Ik winske syn frou en bern in soad sterkte mei it ferwurkjen fan dit swiere ferlies. Litte we dêr even by stilstean.